

De Paadsljochter  
It Nijsbrief fan de FNPjongerein  
Nûmer 1

=====

Eala!

Sûnt 2007 hat de FNP syn eigen kommisje foar jongerein oant en mei 30 jier. Wy kinne no weromsjen nei twa suksesfolle jierren fan de FNPjongerein. Yn dy twa jier ha wy in jong lûd binnen de FNP hearre litten, wy ha ferskillende aktiviteiten opset, en de media wie alle kearen wer bysûnder posityf oer de FNPj. Mei mear as 60 sympatisanten op ús Hyves, en mear as in ferdûbeling fan it ledetal oant en mei tritich jier, kinne wy allinnich mar bliid wêze.

No is it tiid foar ús earste nijsbrief! Wy tinke dat de namme 'De paadsljochter' in namme is dy't by it karakter fan de FNPjongerein past. Mei ús lêste projekt, de ketetocht, ha wy in hiel oar lûd hearre litten yn de media wat keten (ek wol caravans of hutten neamd) betreft. Dyselde media wie ferrassend posityf oer ús inisjatyf. In oar bewyske fan sukses sjogge wy yn Dantumadiel, dêr't de jongereinwurker it keterapport fan de FNPj yn de gemeenteried brûkt om sluting fan de keten yn dy gemeente tsjin te gean. En sa komme de keten ynienen hiel oars yn it nijs, en riedsleden kinne no ek nei de positive dingen fan de jongerein sjen. Wy gean der fanút dat de gemeenteried fan Dantumadiel wizer is as de ried fan Dongeradiel, dêr't se de keten ferbiede om dizene redenen!

Dit nijsbrief is foar de doelgroep fan de FNPj-kommisje. At der wat melden is, sille wy tenei dit middel brûke om jim te ynformearjen. Yn dit nijsbrief wolle wy de minsken betankje dy't de kommisje de ôfrûne twa jier stipe ha: Pascal Anton, Rienk de Graaf, Wolter Jetten, Anna Kromkamp, Johan Postma en Pytsje v/d Veen. Fansels meie wy Jaap Hijma net ferjitte, hy is binnen de FNPjongerein de fertsjinwurdiger fan it HB en troch him rûn de kommunikaasje mei it haadbestjoer poerbêst! Jim hawwe allegear bydroegen oan it positive byld fan de FNPjongerein.

Saapke Voolstra  
FNPjongerein

---

## Kommisje

Op dit stuit sitte wy mei fjouwer minsken yn de FNPjongerein kommisje. Wy wolle der wol wat mear minsken by ha. Der sitte gjin ferplichtings oan fêst. Wy leauwe dat in iepen en frijbljuwende hâlding de minsken ynspirearret en motivearret. It makket ús net út wêr'tsto weikomst en oftsto noch op skoalle sitst en oan it wurk bist. Do meist net âlder as tritich jier wêze en it FNP lidmaatskip is in betingst.

Ynteresse? Stjoer in e-mail nei → [fnpjongerein@gmail.com](mailto:fnpjongerein@gmail.com)

---

## EFAy nijs

De FNP is lid fan de European Free Alliance (ôfkoarte: EFA). Dat is in partij yn it Europeeske Parlemint. De FNP wie ien fan de meioprjochters fan de Europeeske partij. De partij wurdt stipe troch politike partijen dy't in minderheid fertsjinwurdigje. Oare partijen binne Playd Cymru út Wales en de SNP (Skotske Nasjonale Partij) út Skotlân. De EFA wurket yn it Europeeske Parlemint gear mei 'The Greens'. As FNPjongerein binne wy oansletten by de EFAy, de European Free Alliance Youth.

Sûnt de oprjochting fan de FNPjongerein kommisje yn 2007 ha wy goede kontakten mei de EFAy. Yn jannewaris 2008 kaam in fertsjinwurdichster, Eva Birdania, fan de EFAy nei Fryslân. Wy ha har wat fan Fryslân priuwe litten, en by in bowlingjûn yn Snits koe sy mei ús yn 'e kunde komme. Letter yn 2008 ha wy twa FNPj'ers nei it Europeeske Parlemint yn Brussel stjoerd, foar de jierlikse gearkomste fan de EFy. Dit jier wie Saapke Voolstra, as fertsjinwurdichster fan de FNPj by de EFAy, nei Barselona stjoerd foar de jierlikse gearkomste. By de jierlikse gearkomste wurde moasjes oannaam dy't de EFA fraksje yn it Europeesk Parlemint oernimme kin, wurde nije leden oannaam en allerhande oare nijsgjirrige saken foar minderheden besprutsen.

Fierders ha wy op it mêd fan Europeeske kontakten bysûndere kontakten mei de East-Friezen (Nedersaksen) en Noard-Friezen (Sleeswyk-Holstein) dy't yn Dútslân wenje. De jongerein fan de Noard-Friezen binne fertsjinwurdige yn de SSWU, de jongerein fan de Deensk-Fryske partij yn it noardlikste noarden fan Dútslân. Die Friesen, de partij dy't de East-Friezen tusken Nijeskâns en Bremen fertsjinwurdiget, ha wy op de tiisdei nei Pinkster moete by de Opstalbeam yn East-Fryslân. It seit himsels dat Die Friesen noch net safolle jongerein ha, de partij is oprjochte yn 2007 en moat noch groeie. Wy ha as FNPj wat ferteld oer ús aktiviteiten, en de jongerein fan Die Friesen binne fan doel om ek in temajûn te organisearjen yn Emden.

---

## Ketetocht

Yn jannewaris/febrewaris fan dit jier kaam by de FNPj it idee op om in ketetocht te organisearjen. Reden dêrfoar wie de negative publisiteit fan de keetbesikers yn de media. At men de media leauwe mei sitte de jongerein dêr oan de swierste alkohol, roke en snuve nuver guod, en soenen ek noch foar oerlêst soargje. It slimste binne de Fryske bestjoerders dy't sokke berjochten brûke foar de beslútfoarming. Dêrtroch wurde keten fuorthelle wylst dat hielendal net nedich is. Sa waard it doel fan de ketetocht gau dúdlik; in oar lûd yn de media en yn de gemeenterieden. Dêrneist wie it fan belang om as FNPj mei jongerein yn 'e kunde te kommen dy't noch net mei de FNP bekend wienen. By de temajûn hienen wy sa'n 50 jonge minsken dy't wol niget hienen oan polityk. By de trochsnee keetbesiker is dat oars.

It waard al frij gau dúdlik dat it projekt aardich wat tiid nimme soe. Ien keet per jûn, twa per wykein, dat binne meiïnoar al fjouwer wykeinen. Wy ha 8 keten fan Dongeradiel oant en mei Gaasterlân-Sleat frege oft wy delkomme koenen mei de FNPj. It kontakt mei de jongerein yn de keten wie oeral super. De ketetocht wie sawol foar keetbesikers as foar de FNPj leden

tige nijsgjirrich. Der waarden ferskillende fragen steld oer de FNP en wy hienen in protte fragen oan de keetbesikers wêrfan de antwurden ferwurke binne yn ús keterrapport. Nei de ketetocht ha wy alle 31 Fryske gemeente frege nei harren keetbelied. In pear gemeenten hienen gjin keetbelied, oaren wienen der mei dwaande of hienen al in keetbelied. Wy ha de nota's en it belied fan de gemeenten ferlike. Neist de fêste punten lykas brânfeiligens kamen der wat rare dinkjes nei foaren. Yn Dongeradiel moatte de keten fuort, dêr komt in jeugdsoas foar yn 't plak. Tafallich wie de keet yn Nes (D) foar keetbesikers tusken de 25 en 30 jier, dy fielden har net thús yn in jeugdsoas mei jongerein ûnder de tweintich jier. Yn Frjentsjerteradiel wie de begelieding fan de jongereinmeiwurker hiel goed, mar in ferplichte alkoholprevinsjekursus fûnen wy de oerdreaune kant neist.

Op 28 augustus is it keterrapport by de iepening fan it nije politike seizoen oanbean oan Johannes Kramer. Tafallich wie dat yn de SpitKEET yn De Harkema. Fierders is hawwe de Fryske gemeenten, FNP-ôfdielings en gemeentlike jongereinwurkers in rapport krigen. Yn Dantumadiel wurdt it rapport al brûkt foar it ketebelied. Yn de provinsjale parse wie wiidweidich omtinken foar it keterrapport, en diskear posityf!

---

## Kontakt

Gean nei jongerein op [www.fnp.nl](http://www.fnp.nl)

Hyves: <http://fnpjongerein.hyves.nl/>

E-mail: [fnpjongerein@gmail.com](mailto:fnpjongerein@gmail.com)